

sinnefisk

*sinne-fisk-fûgel-grûn-tiid
flagge-skaad-hân-gers-hier
bewiis-wûnder-hân-bewiis-holle-wûnder-mûle
earms-dak-soarch-minske-râne-lân-skyl
fisk-sinne-fûgel-grûn-flagge-skaad-tiid
hân-gers-hier-gers-hier
earms-soarch-minske-fisk-sinne-fisk-sinne-sinne*

zonvis

zon-vis-vogel-grond-tijd

vlag-schaduw-hand-gras-haar

bewijs-wonder-hand-bewijs-hoofd-wonder-mond

armen-dank-zorg-mens-rand-land-schil

vis-zon-vogel-grond-vlag-schaduw-tijd

hand-gras-haar-gras-haar

arm-zorg-mens-vis-zon-vis-zon-zon

foarlopich lân
voorlopig land

oer de râne glûpe
foarm sykje

oernimme
oannimme
deryn slûpe

fan wa hast dat
wa hat dy hân?

fan wa dy trekken
dy streken?

foarm krije
foarm oannimme

omdatst him hast
stelst in grins

in kezyn

sachte grûn is dêr
wêr'tst aardzje kinst

oanhelle wurde
opsplitst yn manifestaasjes
mei in programma datst ôfwurkje moatst

alles achterinoar
of alles op deselde tiid
itselde plak

troch skyl byinoar
troch lucht
en nerven

over de rand gluren
vorm zoeken

overnemen
aannemen
erin glippen

van wie heb je dat
wie heeft jou gehad?

van wie die trekken
die streken?

vorm krijgen
vorm aannemen

omdat je hem hebt
stel je een grens

een kozijn

zachte grond is daar
waar je kunt aarden

aangehaald worden
opgesplitst in manifestaties
met een programma dat je moet afwerken

alles achter elkaar
of alles op dezelfde tijd
dezelfde plaats

door schil bij elkaar
door lucht
en nerven

fan de sinne fan de lucht
fan de plant fan de fisk
fan de fûgel fan de lucht
fan de grûn fan de tiid

tarekkene – opeaske
útsprutsen

nim it werom rôpst
partsje it op 'e nij om

lit ús begean
helje ús oan

*

ast dat dochst
setst de sluzen iepen

van de zon van de lucht
van de plant van de vis
van de vogel van de lucht
van de grond van de tijd

toegerekend – opgeëist
uitgesproken

neem het terug riep je
deel het opnieuw op

laat ons begaan
haal ons aan

*

als je dat doet
zet je de sluis open

hiest hjir in oare rol yn spylje wollen
wiest kaam om dit misferstân foar iens
en foar altyd de wrâld út te helpen

mar do sloechst in figuer as modder
de ferkearde toan oan

gjin idee
fan de gewoanten
gjin aan

it begjint meastal
al foar hoi

wy rûkten dy bûten
foar de doar al

je had hier een andere rol in willen spelen
je was gekomen om dit misverstand voor eens
en voor altijd de wereld uit te helpen

maar je sloeg een modderfiguur
de verkeerde toon aan

geen idee
van de gewoontes
geen benul

het begint meestal
al voor hoi

wij roken je buiten
voor de deur al

do seidest

myn oandiel yn it hiele barren
wurdt oerskat

hie ik der net west
dan hie it ek op 'e kop ferkeard kaam

no krekt wat minder
en dat is oan my te tankjen

op it stuit dat it echt derop oankomt
ken ik de lytse yndruk fan myn libben
op it riden en farren fan de kosmos

jij zei

mijn aandeel in het hele gebeuren
wordt overschat

was ik er niet geweest
dan was het ook in de soep gelopen

nu net iets minder
en dat is aan mij te danken

op het moment dat het er echt op aankomt
ken ik de kleine indruk van mijn leven
op het reilen en zeilen van de kosmos

fergroeid mei dyn teloarstellingen
ferknotte oan dyn flagge

wolst foarút
mar op in skaal fan wat?

vergroeid met je teleurstellingen
verknocht aan je vlag

je wilt vooruit
maar op een schaal van wat?

earst wie it oarsom
wienen wy taharkers
blêdlêzers

wy soenen mei-inoar
it waard ûnderinoar
yn it skaad fan ôftanke hulde
en sabeare flaggen

ferlearden wy it sjongen?

wy skopten it liet út it lead
makken fan paadwizers brekizers

doe begûn ynienen ien

it is in drokke dyk
wy kinne net de hiele tiid
yn 'e midden stean
helje in oar nei foaren

flústerje him nachts yn it ear

ferwettere heldesangen

eerst was het andersom
waren wij toehoorders
bladlezers

wij zouden met elkaar
het werd onder elkaar
in de schaduw van afgedankte hulde
en schertsvlaggen

verleerden wij het zingen?

wij schopten het lied uit het lood
maakten van wegwijzers breekijzers

toen begon er opeens een

het is een drukke weg
wij kunnen niet de hele tijd
in het midden staan
haal een ander naar voren

fluister hem 's nachts in het oor

verwaterde heldenzangen

troch in skiednis yn te rjochtsjen
sloopst it momint

autonome sône
fiviseksje neierhân

dy hân yn dyn broek
fertelt himsels wêr't er is
net wat dêr is

touterje dy troch de rou hinne
kopketommelje troch de spyt

tsjinspiler it spultsje begjint no
kies mar in kleur

de iepeningsset is gers
dat troch speaken groeit

hier dat út speakers groeit
draven dat yn sneakers broeit

ynkoarte

bysnoeid

door een geschiedenis in te richten
sloop je het moment

autonome zone
vivisectie naderhand

die hand in je broek
vertelt zichzelf waar hij is
niet wat daar is

schommel jezelf door de rouw heen
maak een koprol door de spijt

tegenspeler het spelletje begint nu
kies maar een kleur

de openingszet is gras
dat door spaken groeit

haar dat uit speakers groeit
rennen dat in sneakers broeit

ingekort

bijgesnoeid

wy ha dy ûnderskat
dêr is dit it bewiis fan

makkest in wûnder mei
en fregest dy ôf

sit der genôch ferwar yn my
wurkje ik mei?

is der gjin ûntwyk fan?

kenst de nammen út de holle
foar wannear't sy

mei hoefolle?
in stikmannich

silst fia de mûle fiele wat der bart
en dan yn alle rjochtingen nei de oarsaak sykje

wij hebben je onderschat
daar is dit het bewijs van

je maakt een wonder mee
en vraagt je af

ben ik er voldoende tegen bestand
werk ik mee?

is er geen ontkomen aan?

je kent de namen uit je hoofd
voor wanneer ze

met hoeveel?
een stuk of wat

je zult via je mond voelen wat er gebeurt
en dan in alle richtingen naar de oorzaak zoeken

it moaiste fine wy datst ynsjochst
dat de wurden dy'tst brûktest
kleurje hoe'tst oer ús tochtst

aanst seist dat it in geskink is
bekroadest dy nergens mear om

fregest dy net langer ôf
wêr dogge sy it fan

witst

wy meitsje fan it simpele
wat yngewikkelds

en dêr leve wy fan
oant yn lingte fan dagen

wy jouwe dy krekt genôch
om net fan yn opstân

het mooiste vinden wij dat je inziet
dat de woorden die je gebruikte
kleuren hoe je over ons dacht

straks zeg je dat het een geschenk is
maak je je nergens meer druk om

vraag je je niet langer af
waar doen zij het van

weet je

wij maken van het simpele
iets ingewikkelds

en daar leven wij van
tot in lengte van dagen

wij geven je net genoeg
om niet van in opstand

werom – los – nochris
fan it iene nei it oare
pear earms

it dak moast derôf
mar hoe krije wy
it der wer op?

ûntken de wetten

werom – los – nochris

fan it iene nei it oare pear
datselde trije kear

soarch
kontinu klear foar itselde
moatte dêrfoar de hannen opinoar?

as minske hasto hjir neat mei te krijen
se meitsje alles smoarch

sis

ik ûnderbrek de stream
dit is gjin sirkwy

hoe sjocht klear derút?
wannear is myn antlit ôf
en komt it manke each deryn?

dit lichem bliuwt dy frjemd
sil net fertroud wurde
it bliuwt wachtsjen op

knecht fan 'e knecht

it waar wie aap
de maat in oar

do tinkst fansels moaie boarterskammeraat

mar oplost
ferflein

fiere namme naam

weerom – los – nog eens
van het ene naar het andere
paar armen

het dak moest eraf
maar hoe krijgen wij
het er weer op?

ontken de wetten

weerom – los – nog eens

van het ene naar het andere paar
datzelfde drie keer

zorg
continu klaar voor hetzelfde
moeten de handen daarvoor op elkaar?

als mens heb jij hier niets mee te maken
ze maken alles smerig

zeg

ik onderbreek de stroom
dit is geen circuit

hoe ziet klaar eruit?
wanneer is mijn gezicht af
en komt het manke oog erin?

dit lichaam blijft je vreemd
zal niet vertrouwd worden
het blijft wachten op

knecht van de knecht

het weer was aap
de maat een ander

jij denkt natuurlijk leuke speelkameraad

maar opgelost
vervloegen

verre naam genomen